



Opstaan

voor het
goede

Gearfetting fan it ChristenUnie
Ferkiezingsprogramma 2025

FRYSK

ChristenUnie

Hoe giet it mei Nederlân? En mei dy?

Miskien giet it bêst goed mei dy, mar makkest dy ek soargen: ha ik aanst in hûs, in baan of in stúdzje? Dyn bern hawwe in aardige freonegroep, mar yn watfoar wrâld groeie sy op? Is der in wurdearre plak foar ús kristlike identiteit, wearden en noarmen? Wat is de ympakt fan oarloch en geweld yn de wrâld op ús lân? En kin de oerheid ús problemen noch wol oplosse? Is de polityk der wol foar my? En miskien leaust dêr sels al net mear yn en bist ôfheakke.

We werken hard, we zorgen, we leren en we delen. Terwijl we dat doen, zien we ook grote We wurkje hurd, we soargje, we leare en we diele. Wylst we dat dogge, sjogge we ek grutte problemen. Gewoane, minsklike langstmen fielesoms ûnberikber. Ek de basis dêrûnder liket net altyd mear fanselssprekkend: in oerheid dy't oanpakt, ynteger en rjochtfeardich. Dy't it kwetsbere beskermet, mar net mear romte ynnimt as nedich is. En earlik is oer wat net goed giet.

Dizze wearden steane ûnder druk, faak troch koartsichtigens en eigenbelang. It flugge jild fergiftiget de ekonomy. Us oandacht en tiid binne in flechtich fertsjinmodel. Oerheidsbelied makket problemen te faak grutter en helpt minsken net út'e knipe. Politisy binne foaral dwaande mei de waan fan de dei.

Dit moat echt oars, want we binne tefolle kwytrekke.

Feroaring begjint by ús: minsken fan goede wil dy't opstean foar in oar, trou binne oan har

mienskip, harkje en tsjinje. Dy 'ja' sizze tsjin in lân dêr't elkenien meitelt en 'nee' sizze tsjin ûnrjocht. Minsken dy't sjogge wat wy kwytrekke binne en dêrom opstean foar it goede. Dy't yn'e polityk it algemien belang sykje en har prinsipes trou bliuwe.

Foar dizze minsken is de ChristenUnie in bûngenoat. Dreaun troch leauwe – net yn ússels, mar yn God, de oar en yn it goede. Omdat wy roppen binne om rjocht te dwaan, grinzen en noarmen te stellen. Om frede te sykjen yn ús lân, foarinoar en foar de skepping dy't ús tabetroud is. Om ús net del te lizzen by tsjinstellingen en ûngelikensens. Ek as dat dreech is, saai, of net populêr. Omdat wy leauwe dat elk minske telt. En polityk wer hoopfol wêze kin.

Dêrom steane wy op foar âlden en bern dy't fêstrinne yn systemen dy't harren krekt beskermje moatte soene. Foar de frijwilligers, de taalmaatsjes, de mantelsoargers, de jeugdliders en trainers op sneon. Foar de learkrêft, de ferpleechkundige en de ûndernimmer, dy't alle dagen mei hert en siel harren wurk dogge. Foar elkenien dy't jout, sûnder dêr fuort wat foar werom te freegjen. Foar in oerheid dy't harket,

Oanpakke, ferienfâldigje, standardisearje

Wy pakke oan:

De wenningneed

Wy bouwe 100.000 wenten yn 't jier, wêrfan op syn minst twatredde goed te beteljen is foar minsken mei in gewoan ynkomen.

Definsje en ûntwikkelingsgearwurking

Nederlân sil him folslein oan 'e ôfspraken hâlde en foldwaan oan ynternasjonale noarmen.

Nederlân fan it slot

Wy doare beslissingen te nimmen: ynvestearje yn 'e takomst, skealike útstjit tebekkringe en wetten meitsje dy't echt wurkje.

Wy ferienfâldigje:

Finansjele stipe foar húshâldingen

Yn stee fan de hjoeddeiske bernebystân en it bern-relatearre budzjet sil € 4.500 yn 't jier beskikber wêze foar elk bern.

Komplekse belestingen, taslaggen en sosjale wissichheid

Wy ferfange de wirwar fan taslaggen troch in ienfâldige belestingkoarting. Gjin belesting oer de earste € 30.000 dy'tst yn 't jier fertsjinnest.

Minder burokrasy

oar ûndernimmers, maatskiplike organisaasjes en frijwilligers.

Wy normearje:

Ynfiering tsjinsttiid

jongerein leveret in maatskiplike of militêre bydrage.

Elk libben telt

Eutanasy foar jongerein ûnder de 30 mei psychysk lijen wurdt stoppe oant soarch better regele is.

Rjocht op reparaasje

Produkten moatte duorsum en te reparearen wêze.

Bouwe oan mienskippen

Nederlân hat in tekoart fan hast 400.000 wenningen. Dêrom wolle wy jierliks 100.000 huzen bouwe, mei rezjy út de oerheid wei. Dizze wenningen binne net allinnich betelber, mar ek takomstbestindich, geskikt foar jong en âld. Alderen moatte makliker ferhúzje kinne nei huzen dy't by harren libbensfaze passe, sadat der romte komt foar gesinnen en starters. Gemeenten krije de opdracht genôch senioarewenten en hofkes te realisearjen.

Neist bouwen stiet de leefberens sintraal. Wiken en doarpen moatte plakken wêze dêr't minsken inoar moetsje en nei inoar omsjogge. Dêrom wol de ChristenUnie de kostendielersnoarm ôfskaffe, hierders mear wissichheid jaan en ynsette op Housing First om dakleazens út te bannen. Tsjerken en frijwilligersorganisaasjes wurde sjoen as folweardige partners yn de maatskippij. Dêrneist wurde doarpen en regio's fersterke: ynvestearrings yn OV, lytse skoallen, hegeskoallen en soarchfoarsjennings binne nedich om leefberens te behâlden. By de ferdieling fan oerheidssubsydzjes foar kulturele ynstellings wolle wy in earliker ferdieling oer it lân.

Wy erkenne de eareskuld oan Grinslân fanwege de gaswinning en kieze foar mylde en minsklike skeaôfhanneling. Ek wurdt ynvestearre yn Seelân en oare regio's, mei omtinken foar wetterfeiligens, ynfrastuktuer en kultuer.

Nederlân fan it slot

Nederlân sit fêst troch stikstofregeljouwing, folle stroomnetten en in yngewikkeld belestingstelsel. De ChristenUnie wol de útstjit fan stikstof mei de helte ôfbouwe en alle sektoaren bydrage litte. Boeren krije binende bedriuwsspesifike doelen en stipe foar ferduorsuming. Yndustry en mobiliteit moatte ek harren útstjit werombringe. Sa kin fergunningferliening wer op gong komme.

Netkongestje wurdt oanpakt troch lanlike rezjy en foarse ynvestearrings yn ynfrastuktuer en opslach. Der komt in tûk en fleksibel enerzjynetwurk en prioriteit foar wenten, soarchynstellings en krityske ynfrastuktuer.

It belestingstelsel wurdt folslein op 'e nij besjoen. Taslaggen ferdwine en wurde ferfongen troch in koarting op de ynkomstebelasting. Gjinen betellet belesting oer de earste € 30.000 ynkommen. Der komt in earlikere ferdieling tusken arbeid en fermogen en fersmoargjende subsydzjes wurde ôfskapt. Boppedat komt der in jierlikse ferienfâldigingsdei dy't it regear ferplichtet om nije ferienfâldigingen fan regels en stelsels troch te fieren.

Ek de mobiliteit moat oars. We ynvestearje yn spoarlinen lykas de Lelyline en de Nedersaksenline, meitsje it OV goedkeaper en wriedzje fyts – en kuierpaden út. Autoride wurdt belêste fia in kilometerheffing, wylst Schiphol drastysk krimpt en Lelystad Airport net iepengiet. Ynternasjonale spoarferbiningen wurde fersterke.

In goeie takomst foar ús bern

Húshâldingen binne de earste en wichtichste mienskip. Belied moat húshâldingen stypje om yn stee fan de âlden te twingen fulltime te wurkjen. De ChristenUnie wol húshâldingen finansjeel romte jaan (bernetaslach € 4.500 jiers, fergees of hast-fergees berne-opfang) en in wetlike doelstelling om berne-earmoed te bestriden. Der komt mear klam op it stypjen fan de opfieding, relaasjehelp en previntive help om problemen betiid te sinjlearjen. Ferlofregelingen wurde ienfâldiger en feromme (benammen mantelsoarch en rouferlof). Relaasjeterapy wurdt better tagonklik en fergoede om húshâldingen te stypjen.

De ynfloed fan sosjale media wurdt beheind. Sosjale media binne ferbean foar bern ûnder 14 jier, smartphones wurde keard op skoallen en platfoarms krije strangere regels foar

leeftiidsferifikaasje en ferslavingsgefoelichheid. De ChristenUnie wol sa bydrage oan in feilige digitale opfieding foar bern.

It belang fan bern en biologysk âlderskip stiet sintraal by wetjouwing oangeande âlderskip en âlderlik gesach. Dat betsjut dat donorbern en adopsjebern it rjocht hawwe om har komôf te kennen. De ChristenUnie is foar in soarchfâldige ôfbou fan ynterlanlike adopsje.

De ChristenUnie bliuwt tsjin draachmem-wêzen en kommersjele spermadonaasje. Wy fersetse ús tsjin it regulearjen fan draachmem-wêzen, dêr't it bern genetysk mar foar in part of hielendal besibbe is mei de winskâlden.

Alden kinne frij kieze foar ûnderwiis dat past by harren libbensoertsjûging of ûnderwiiskundige fyzje. Libbensbeskôgjend ûnderwiis yn it iepenbier ûnderwiis wurdt boarge en learlingeferfier beskerme. Skoallen wêrfan't bern goed prestearje diele harren lessen mei oare skoallen. Wy bliuwe ynvestearjen yn foar – en ierskoalske edukaasje en nijkommer ûnderwiis. Fia de bekostiging en it ûnderwiisefterstânbied bliuwe wy ekstra middels frijmeitsjen foar skoallen dêr't in soad útdagingen en efterstannen binne. De oerheid soarget foar genôch spesjaal ûnderwiis yn elke regio, ynklusyf folweardich fuortset spesjaal ûnderwiis op havo – en vwo-nivo. Yn it primêr ûnderwiis komt in lânsdekkend passend ûnderwiisoanbod foar (heech)bejeftigen mei in ekstra ûndersteuningsferlet om skoalútfal yn dizze groep werom te kringen.

In wjerbere rjochtssteat

De ChristenUnie kiest foar fersterking fan demokrasy en rjochtssteat. Dat betsjut beskerming fan fûnemintele frijheden, rjocht dwaan oan boargers en ynvestearje yn betrouwen tusken boarger en oerheid. Wy wolle de rjochtssteat wjerber meitsje tsjin ûndermyning, kriminaliteit en bûtenlânske ynminging.

Definsje krijt struktureel 3,5% fan it BBP om de striidkrêften takomstbestindich te meitsjen. Nederlân bliuwt nau gearwurkjen mei de NAVO en Jeropeeske partners. Derneist moat der mear omtinken wêze foar cyberfeiligens, digitale bedrigingen en de beskerming fan krityske ynfrastruktuer.

De bân mei it Karibysk part fan it Keninkryk moat sterker: ynvestearje yn ûnderwiis, soarch en ekonomy dêr, mei respekt foar lokale autonomy. Ek wol de ChristenUnie in bettere balâns yn de rjochtssteat, mei omtinken foar slachtoffers en in minsklike justysje.

Wearde fan elk libben en goeie soarch

De ChristenUnie stiet foar de beskerming fan elk minskelibben, fan begjin oant ein. Dit betsjut ynvestearjen yn palliative soarch, bettere soarch foar âlderein, en mear oandacht foar geastlike sûnenssoarch. Mantelsoargers sille stipe wurde en mear soarch moat tichteby minsken organisearre wurde.

De ChristenUnie weromhâldend yn de útwreiding fan eutanasy. Foar jongerein ûnder 30 mei psychysk lijen wolle wy eutanasy tydlik stopsette oant de geastlike sûnenssoarch better op oarder is. Wy rjochtsje ús ek op previnsje, in sûne libbensstyl en it stypjen fan húshâldings by soarchferliening.

Soargje foar de skepping

De ierde is ús tabetroud om soarchfâldich mei om te gean. De ChristenUnie kiest foar stevich klimaatbelied: 50% minder útstjit, ynvestearjen yn duorsume enerzjy en beskerming fan natuer en bioferskaat. Nederlân moat in foarlûkersrol spylje yn Europeeske en mondiale klimaatôfspraken.

Yn de bou moat natuerynklusyf en sirkulêr wurke wurde. Ynnovaasje yn biobased



materialen en enerzjybesparring wurdt stimulearre. Ynnovaasjes yn biobased materialen en enerzjybesparring krije in triuw yn de rêch. Wetterfeiligens, beskerming tsjin oerstreamingen en herstel fan natuergebieten bliuwe spearpunten.

Griene en takomstbestindige ekonomy

De ekonomy moat tsjinstber wêze oan minske en skepping. Groei kin, mar moat duorsum wêze. De ChristenUnie set yn op kringlooplânbou, ferduorsuming fan de yndustry en perspektyf foar boeren, túnkers en fiskers. Der komt mear stipe foar ynnovaasje en ûndernimmerskip dat bydraacht oan duorsumens.

Duorsum ferfier wurdt stimulearre: mear gebrûk fan spoar, fytsen en elektryske weinen. De loftfeart moat krimpe en skjinner wurde, de binnenfeart ferduorsumje. Oerheidsfinânsjes bliuwe solide en de euro moat stabyl bliuwe.

Weardefol wurk en ein oan earmoed

Elkenien moat tagong hawwe ta goed en weardefol wurk. De ChristenUnie wol besteansswikkichheid garandearje troch in sosjaal minimum dat tarikkend is. Earmoede en skulden wurde bestriden troch bettere skuldhelpferliening, previnsje en strukturele ferheging fan ynkommens foar kwetsbere groepen.

Frijwilligerswurk en maatskiplike organisaasjes binne ûnmisber en krije stipe en minder regeldruk. Der komt mear omtinken foar in sûne balâns tusken wurk en privee en romte foar mantelsoarch en frijwilligerswurk.

Grinzen stelle, frijheid winne

Frijheid betsjut ek grinzen stelle oan skealike yndustryen en praktiken. De ChristenUnie wol in maatskippij sûnder drugs, gokindustrie, prostitúsje en porno. Minskehannel en útrûpeljen wurde stevich bestriden. Troch grinzen te stellen wurdt echte frijheid wûn: in maatskippij wêryn't minsken ta bloei komme sûnder ôfhinklikheden en ferslavings.

Rjochtfeardigens wrâldwiid

Ynternasjonaal kiest de ChristenUnie foar solidariteit mei de earmsten en kwetsbersten. Nederlân moat 0,7% fan it BBP besteegje oan ûntwikkelingsgearwurking en bydrage oan mondiale rjochtfeardigens. Wy sette yn op frede, religieuze frijheid en beskerming fan minderheden wrâldwiid.

Migraasjebelied moat humaan wêze: beskerming fan flechtlingen, mar ek dúdlike grinzen en yntegraasje mei each foar wearden en mienskip. Earlike hannel mei Afrika en oare kontinenten wurdt stimulearre, mei each foar duorsumens en lykweardigens.

De Europeeske Uny moat in weardenmienskip wêze dy't him ynset foar demokrasy, rjochtsteat en solidariteit, yn stee fan allinnich foar in merke. Nederlân spilet dêryn in konstruktive en ferbinende rol.

Slot

Mei-inoar steane we op foar in mienskip wêryn't elk minske frij is, ta bloei komt en rjocht dien wurdt. Sa wolle wy ek dyn bûnsmaat wêze.

Wolst graach mear witte oer ús ferkiezings-programma of ynformaasje oer in beskaat stânpunt? Nim dan kontakt mei ús op.

[**info@christenunie.nl**](mailto:info@christenunie.nl)

[**033 422 69 69**](tel:0334226969)

Sta op

voor het goede

ChristenUnie